

Jierferslach 2017 *It Skriuwersboun*



2017

Yn 2017 is it Deistich Bestjoer fan It Skriuwersboun njoggen kear byinoar kommen. It bestjoer bestie út trije leden en socht trochgeand fersterking. Septimber 2017 hat Johannes Beers syn sekretaristaken oerdroegen oan Geart Tigchelaar, oant dan ta algemien lid. It waarnimmend ponghâlderskip waard útfierd troch de foarsitter Tryntsje van der Veer. André Looijenga naam as bestjoerslid algemiene taken op him.

Enkête

Om't wy benijd wienen nei de fizy fan ús leden oangeande sawol de taken fan it Skriuwersboun as de ferwachtings oangeande it bestjoer is maart 2017 in enkête omstjoerd oan de leden mei fragen oangeande it sykjen fan nij talint, de produksje fan nij wurk en de promoasje fan boeken. Ek wie der de mooglikheid om eigen ûnderwerpen te neamen. Dy fragelist is troch fjouwer leden ynfolle en dy brochten ek eigen punten oan. Maaie 2017 binne de útkomsten gearfette yn in dokumint, dat besprutsen waard yn de ALG fan 2017.

Produktplan

Wy stjoerden ús Produktplan foar 2018 nei de Provinsje Fryslân, mei dêryn opnommen as losse produkten Ledegearkomsten, Kommúnikaasje, Ferhalewedstryd en de Wurkgroep Oersetters. In totaal oan subysdzjes fan 3600 euro waard takend. De provinsje sinjalearre lykas wysels in stadich ôfnimmend ledetal en spriek de hope út dat it wer tanimme soe.

Oerlis oare organisaasjes

As bestjoersleden hienen wy yn 2017 oerlis mei oare organisaasjes. Sa hawwe wy dielnommen oan it rûnetafelpetear fan Dingtiid oer 'Fan dream nei Good Practice'. Wy wienen oanwêzich by de presintaasje fan It Skriuwersarkje. Wy wennen it ôfskie fan Teake Oppewal by as literatuerbefoarderer by Tresoar en wy wienen 30 septimber by de útrikking fan de Rely Jorritsmapriizen yn Weidum en 14 oktober de Gysbert Japixpriis oan Eppie Dam yn Boalsert. Fansels setten wy de winners efkes yn in it sintsje.

WÚB en LF2018

André Looijenga hat it Skriuwersboun fertsjintwurdige op gearkomsten fan Wat Us Bynt (WÚB), in inisjatyf út de Rie fan de Fryske Beweging wei om organisaasjes en ferienings yn it brede Fryske kulturele fjild neier mei-inoar yn kontakt te bringen.

It reguliere oerlis met Tresoar krige stal fia it petear mei Bert Looper. Yn 2017 waarden de oerlizen dominearre troch de tarieding op LF2018 en sochten wy as Skriuwersboun oansluting. Dêrfoar wie Lân fan Taal de bêste mooglikheid. Spitich hawwe twa eardere troch

It Skriuwersboun yntsjinne projekten it bidbook net helle. Wol wienen tal leden aktyf belutsen by LF2018 fia eigen projekten.

Alternatyf boekebal

Doe't de ynformaasje bekend waard dat der neijier 2017 gjin Boekefeest komme soe ha wy aktyf meitocht mei in tal leden oer in alternatyf, om't wy it spitich fine dat it net trochgean soe. Uteinlik hat der yn maart 2018 al in Boekefeest plakfûn nei oanlieding fan it boekewikegeskink fan Griet op de Beeck yn oersetting fan Jetske Bilker.

Oersetterswurkgroep

By ús Temajûn 28 maart 2017 oer Jeugdliteratuer wie Ytje Hoekstra sprekker (lokaasje Tresoar). Sy is ek dielnimmer fan de Oersetterswurkgroep. Sy fertelde oer har boek *Oanfal* fan Kathy Reichs dat hja oersetten hat. Spitigernôch wie de opkomst dy jûn net grut. Oersetten stiet lykwols goed op de agenda en de wurkgroep hat al ta meardere publikaasjes laat. Om dy reden ha wy it as in apart Produkt opfierd by de begruttings fan de jierren dêrnei. Sa kinne wy as Skriuwersboun in oantrún jaan en ferbining ta stân bringe.

Ferhalewedstryd

It tema fan de Ferhalwedstryd 2017 wie 'Gjin Styl?!'. Op meardere plakken wie der omtinken foar it 100-jierrich bestean fan de keunstbeweging De Stijl. It Skriuwersboun hat ek yn 2017 oparbeide mei it Friesch Dagblad yn de persoan fan Gerbrich van der Meer en it Cedin yn de persoan fan Marrit de Schiffart. Spitigernôch loek Omrop Fryslân him werom. Koos Tiemersma hat de oanstjoering en koördinaasje fan de



Ferhalewedstryd op him nommen, dêr't wy him o sa erkentlik foar binne. It tal ynstjoerings wie 39 folwoeksenen en 12 jongerein. Neist in jildbedrach en publikaasje fan de ferhalen yn it Friesch Dagblad, krigen de beide earstepriiswinners in yllustraasje oanbean makke troch resp. Nina Peckelsen en Gert-Jan Oosting. De earste priis by de folwoeksenen wie foar Jan Bijlsma, by de jongerein foar Michel Zuidema. De priisútrikking op 9 maaie wie yn Museum Dr888, yn Drachten, en waard goed besocht.

Ut de evaluaasje wei sil it wedstrydreglemint oanpast wurde, dêr't wy it fiat fan de ALG foar freegje.

Simmerdreamen

Oer de rol en takomst fan It Skriuwersboun tochten wy simmer 2017 nei. Yn septimber dielden wy yn it Deistich Bestjoer ús 'Simmerdreamen', ek sjoen de risseltaten fan de Enkête en as tarieding op de kommende ALG. Wy kamen ta dizze doelstellings foar 2018: in better fokus op in beheind tal saken en it organisearjen fan – as it mooglik is – in Literêr

festival mei ynternasjonale útstrieling en skriuwwedstriden. As belangebehertiger kinne wy as bûn fasilitearje by driuwende saken en fierder ûnderhâlde wy rinnende kontakten mei de ynstitúsjes op it mêd fan it Frysk en de literatuer en mei susterorganisaasjes (sa as de Fryske Akademy, Tresoar, Provinsje Fryslân, Afûk, Skriuwers/tale-organisaasjes, ek Europeesk en oangeande de oare Fryslannen).

ALG op 5 oktober

Op 5 oktober wie de jierlikse Algemiene Ledegearkomste, ek by Tresoar. Sjoen de sitewaasje yn 2016 binne de finansjele stikken opsteld troch Althe Accountancy yn Amersfoort as ûnôfhinklike organisaasje. De stikken binne ynbrocht en de kontrôle op de boeken waard útfierd troch Douwe Kootstra en Piter Boersma, de ynformaasje waard akkoart befûn. Sjoch it ferslach fan de ALG.

Wy besprutsen dy jûn ek de foar- en neidielen fan de ferieningstruktuer, sa as it Skriuwersboun no hat en setten it ôf tsjin de foarm fan in stifting. De mearderheid fan de ALG wie fan miening dat in feriening de bêste opsje is en it meast demokratysk. Lykwols wie en is it bestjoer fan miening dat de leden mear en mear aktyf by de feriening belutsen wêze moatte, sadat it bestjoer better oanslute kin om yn oerlizzen har leden better fertsjintwurdigje te kinnen.

Yn dizze ALG waard ek neitocht oer in namme foar de Ferhalewedstryd, dêr sil takom jier op werom kommen wurde.

Tinktank

Ut de ALG wei ûntstie it plan fan in 'Tinktank', in mooglikheid fan leden om geregeld en leechdromplich oer ynteressante en aktuele ûnderwerpen te praten mei de bestjoersleden. Fan de oerlizzen wurde gjin formele oantekens makke en omstjoerd, mar al kinne wichtige punten diel en letter oan de leden foarlein wurde om ta in opiny te kommen.

De earste Tinktank fûn plak op 8 desimber yn de neimiddei by Tresoar en gong oer de posysje fan skriuwers en oer skriuwersbeurzen. De Tinktank foarsjocht yn in ferlet en wurdt yn 2018 fuortsetten.

Fersier in Fers / Ferstival

Neijier 2017 waard It Skriuwersboun nûge om meiwurking te ferlienen oan it Ferstival. Us bestjoerslid André Looijenga hat mei Marrit de Schiffart (Cedin) en Gerbrich de Jong (Friesch Dagblad) de priisfraach 'Fersier in Fers' opset. Nei oanlieding fan 75 jier Ferstival wie der sa, neist de foardrachtskriich foar jongerein, in



wedstriid yn it meitsjen fan yllustraasjes / keunstwurken dêr't Fryske gedichten yn ferwurke waarden – sawol foar jongerein as foar folwoeksenen. It doel fan dizze wedstriid wie om it kreatyf ferwurkjen fan bestoand literêr wurk te stimulearjen. Der wiene yn totaal 45 ynstjoerings. De priisútrikking wie by de finale fan it Festival, op 16 desimber yn it Posthuis Theater op It Hearrenfean. By de jongerein wûn Yalin van der Werf de earste priis mei in skilderij, by de senioaren Jentsje Fekkens mei in houten byldhouwurk. De jildprizen foar de winners kamen foar rekken fan it Skriuwersboun.

Gysbert Japicx Stichting

Wy krigen neijier 2017 ek it fersyk om in ôffeardiging te leverjen yn it Algemien Bestjoer fan de Gysbert Japicx (Holckema) Stichting. Yn oerlis hat André Looijenga dat op him nommen.

EBLT

Ek yn 2017 wie de foarsitter, Tryntsje van der Veer, út It Skriuwersboun wei aktyf yn it Deistich Bestjoer fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen.

Ledetal

Nei de oerdracht fan it sekretariaat binne de nije sekretaris en foarsitter it ledebestân neigien en is efterstallige kontribúsje bard. Op 24 maart 2017 wienen der 83 beteljende leden fan de ynskreaune 134. Wy sletten 2017 ôf mei 126 leden.

Oesdrip

De fernijde webside fan It Skriuwersboun waard goed byholden troch Geart Tigchelaar. De Oesdrip is as digitaal bestân ien kear omstjoerd. Fierders binne der geregeld mails omstjoerd as nijsbrief en oankundigings.

Literêr Festival

Fanwege in ynterne sitewaasje koe yn 2017 it beëage Literêr Festival spitigernôch gjin trochgong fine, reden dat yn 2018 it subydzjebedrach dat dêrfoar ornearre wie weromstoarten is. De oare produkten sa as omskreaun yn it Produktplan binne realisearre.



Skriuwersmiel

Wy ha 2017 ôfsletten mei in smûk Skriuwersmiel yn de Skierstins mei as tema 'Reizgjen'. Hein Jaap Hilarides spruts as ynlieder oer syn reis nei Slovenië yn it ramt fan *Oare wurden*. De oanwêzige leden liezen foar út eigen wurk en fertelden oer har boarneferhalen oangeande it reizgjen. Ek mochten wy inkelde gasten wolkom hjitte.

Berneboekebestjoerslid

It ferlet fan in bestjoerslid op it mêd fan berneboeken bleau. Ferskate minsken binne frege, mar oant no ta is de posysje net ynfolle. Wy hoopje dat dit yn 2018 oars wurdt.

Wy slute it jierferslach 2017 posityf ôf en sjogge werom op in jier mei in noflik gearwurkjend bestjoer, jonge bestjoersleden en meardere meetings mei ús leden en ynstellings op it mêd fan it Frysk en de Fryske literatuer.

Tryntsje van der Veer	Foarsitter en waarnimmend ponghâlder
Johannes Beers	Skriuwer oant en mei neijier 2017
Geart Tigchelaar	Skriuwer sûnt neijier 2017
André Looijenga	Algemeine funksje